

Krol hâldt spanning net altyd fêst yn debút

YVONNE DIJKSTRA

'Dit is net sa'n dik boek - mar ek net sa tin. (...) Wa't in bytsje troch- lêst, hat it samar út', seit Jaap Krol (1970) op 'e foarkant fan syn debút *Wettersek*.

Dy útspraak jildt wat my oanbe- langet mar foar in part fan it boek en seker net foar it titelferhaal, dat giet oer in Fries yn Amearika. Dit ferhaal beslacht mear as de helte fan it boek en der is net om troch te kommen. Langtriedderich, gjin tou oan fêst te knoopjen. Neffens Krol binne it 'hast hûndertfyftich siden oer baarnende loftten, hite grûn en droege kielen. Oer klompen goud en kâld wetter, oer lange treinen en hurde wyn, oer sitten en oerein kommen'.

No helje ik dat der ek wol út, mar de gearhing tusken dy ûnder- werpen is my by it lêzen foar dit grutste part ûntgien. Dat hat wer te krijen mei de stadige, W.G. van de Hulst-eftige skriuwstyl. De reade tried fersûpt in bytsje omdat Krol sa'n protte herhellet. Mar wêr't it herheljen fan wurden en sintsjes foar lytse bern miskien in goede manier is om dingen te ûnthâlden, jout it by de folwoeksen lêzer algau yrritaasje. Itselde jildt foar it fone- tysk opskriuwen fan lûden, sa as it tsjoek-ketsjoek.ket-sjoek.ket-sj-oe- oe-oe-k fan de trein of it hoehoe- hoetsss.hoehoehoetsss fan 'e waar- me wyn yn 'e woestyn. Soks kin

'verfrissend' wurkje, mar net as it te faak brûkt wurdt.

Yn 'e fjouwer koarte ferhalen is

it boppesteande in stik minder it gefal. Krol kin mei dit sjenre dúdlik better út 'e fuotten, mar dat is net

raar as jo betinke dat er meiwurker is oan *De Blauwe Fedde* en dat er ferhalen publisearre hat yn de lite- rêre tydskriften *Hjir* en *Trotwaer*.

De Dochter fan Pohjola stekt mei kop en skouders boppe de fjou- wer ferhalen yn *Wettersek* út. Yn dizze fertelling is in jong stel foar it earst mei syn beiden op (fyts)fa- kânsje yn 'lân fan de tûzen marren', Finlân. It herheljen fan itselde sints- je wurket hjir just as bynmiddel: 'Wat kin ik dwaan om dy te krijen? hie er tocht.' Hy mient dat er har ge- lyk jaan moat, him dom hâlde moat, of har achternei fytse. Dat docht er dan ek, mar it helpt him neat.

De twa ferhaalfigueren yn dit ferhaal wurde moai delset: hy as kampearder yn ieren en sinen, dy't wat omprutst mei in gasbranderke en genietsje wol fan de moaie na- toer. En syn freondin dy't mar ien ding wol en dat is kilometers meits- je en musea besjen ('No moat ik it flessemuseum al misse./ Wat is der no oan it flessemuseum? / Ik sparje lytse oaljefleskes, dat witst ek wol./ En hy doarst neat mear te sizzen en fytste stadich achter har oan'.)

As lêzer sjogge jo it ferkeard ôfrinnen. Krol wit yn dit ferhaal de spanning goed fêst te hâlden. En dat is no krekt wat ûntbrekt yn it langere titelferhaal.

Wettersek. Jaap Krol. Utjouwerij Bornmeer, Ljouwert 2002. 143 si- den. 13,90 euro



Jaap Krol seit oer syn debút 'dit is net sa'n dik boek'.

Foto: Eilert Lubbers

FD 4/9 2002